

Sneon 19 maaie gongen “De Trochsetters” mei 40 dielnimmers rjochting Lelystêd.

Elk hie in goed sin en hie der nocht oan om in fikse kuier te meitsjen troch de Oostvaardersplassen. Op it bûtenstation fan Staatsboskbehear koenen we ynskriuwe foar de 10<sup>e</sup> Zeearend-wandelmarathon.

Oan de hân fan in routeboekje koenen alle ôfstannen goed har paad fine.

Yn it natoergebiet wie alles aardich wer opgriene en hienen de oerbleaune bisten genoch te fretten. Guozzen wienen der folop te sjen, mar guozzefearren om mei te skriuwen wienen net te finen fandêr dat ik no wat deltyp op papier.

De sinne liet har hast net sjen, mar dat hawwe we noch tegoede foar de kommende pinksterdagen.

Al mei al in tige slagge dei en wy sjogge al wer út nei ús eigen tocht fanút it Voliëregebouw yn Drachten.

Oant sjen en segene pinksterdagen tawinske troch Marian en Henk Bijma.